

# Jan “Keesjes” Dijkstra

en út it ferline fan de Skoallestrjitte fan Burgum, 1950-1965.

Oan de bernetiid fan ús, Janny en Kees Dijkstra, ha wy moaie oantinkens.

Us heit, dy't elkenien koe as Jan Keesjes, wie doe bakkersfeint by bakker Hoekstra yn de Skoallestrjitte.

Hy hat oan syn 14<sup>de</sup> jier op 'e legere skoalle west en is yn 1927 bakkersfeintsje wurden by bakker Riekele van der Wal op 'e Daam yn Sumar. Hy wie sa lyts dat hy op in kistke stean moast by de baktafel.

Yn 1935 kaam hy te wurkjen by bakker Kees Hoekstra yn Burgum. It bakkersfak wie syn lust en syn libben. Foaral it útsútellen fan it bakkersguod fûn er prachtich. Moarns earst bôle bakke om fiif ûre, en om tsien ûre mei de bakfyts der op út. Dat wie yn Burgum fansels, mar ek it Wêst, Tuskendiken, de Nijstêd en Noardermar. Kamen der nije bewenners, dan wie der in striid tusken de bakkers wa't dy nije klant binnenhelle.



*Lofts: De jonge bakkersfeint yn 'e Skoallestrjitte. (rjochts “de Pleats”).*

*Midden: Op de fyts mei boalekoer yn de Tsj. Geartsstrjitte.*

*Rjochts: Mei de bakfyts foar it (âlde) postkantoar op de Legewei.*

Moandei's hie hy it ek noch drokker as oars, yn ferbân mei dat it waskdei wie. Hy moast faak de wask út 'e wasktsjettels fan de froulje, fan it fjûr yn de wasktobbe kiperje.

By de klanten dy't bûtenút wennen naam hy somtiden lege medisynfleskes mei, dy't hy dan by de dokter brocht en de oare dei wer mei werom naam. Yn 'e bakfyts hie hy twa doaskes, ien foar dokter Couperus en ien foar dokter Brouwers.

Hy kaam ek wolris in klant tsjin ûnderweis, dy't rôp: Jan do wist wol wer't de kaai leit, sjoch efkes yn 'e breatromp wat der by moat. Do moastst dy mar rêde.

As de bôle op wie, dan waard der ek wolris bôle helle by ien fan de oare bakkers. Op sneon kaam der ek altyd in sûtelder út Feanwâlden, dy't bôle helle. Hy waard Roel Hip neamd, want hy fytste altyd mei in wipke. Wy tochten dat it syn echte namme wie....

Der waarden ek wolris grappen úthelle, bygelyks yn 'e Sinterklaastiid. De slachter brocht dan in bargesturt en dy waard dan bakt yn in banketstaaf. De ôfstjûnder wie fansels net bekend. Mei Sinterklaas en Kryst holpen wy faak mei yn de bakkerij, want alles makken se sels: sûkeladeletters, fondant, speculaaskes, gembertaai en pipernúten. Wy holpen mei de feestdagen ek mei te sûteljjen en dan moasten wy nije foarrie helje foar de ferkeap fanút de bakfyt. Somtiden wie it wol jûns njoggen úre as wy by de lêste klanten wiene op 'e Daam.

Yn 'e winter waarden der swiete appeltsjes droege, boppe op 'e oven en ek wolris de wask fan Pimme (slachter) en Annie van der Veen.

Sa no en dan wie ús heit, op syn iennichste frije middei, nei de houtfabryk fan de Boer op 'e Nijstêd om spuonnen te heljen. Sekkenfol! Dy waarden dan troch Tjaarda mei syn hynder en wein ophelle. Mei dy spuonnen waard de oven oanset. It hynder krige dan by oankomst by de bakkerij wat stikjes brea, in appel en wat wetter. As heit dan ûnderweis wie en troch Burgum ried en hy kaam Tjaarda tsjin mei it hynder, dan bleau it hynder stean en woe allinne fierder neidat it in stikje brea krigen hie.

It ôffal út de bakkerij waard oan in stik of seis hoannen fuorre. As dy dik en fet genôch wienen waarden se slachte troch 'Siebe kwast of Siebe Hil' (Skilder de Vries). Us mem die dan de gerdinen ticht. Sy woe de moardpartij net sjen, want dan hongen der in pear hoannen oan de line en oeral lei bloed en fearren.

Yn it ferline hiene bakkers bargaen om te mesten. Ik wit noch dat efter de bakkerij in hokje wie dat" it bargehok" neamd waard. Oan de oare kant wie de saneamde "berch", wer't alle spuonnen yn leine, hiele hege bulten. Wy boarten dêr wolris yn en dan sieten wy ûnder it seachsel en ús men liik fansels.

Kees en ik binne berne yn in lyts hûske yn de Skoallestrjitte, wer't no de fiskwinkel is. Dêrneist wie in hiel smel steechje en dan kamen jo by de Skipfeart. Ik wit noch dat dy dempt is. Yn dy steech stiene ek noch allegearre âlde hûskes. Letter binne wy ferhúze nei de wenning links neist de bakkerswinkel.



*Lofts: Bakker Kees Hoekstra en syn frou Dina foar de efterdoar.  
Rjochts: Bakker Hoekstra yn 'e doar fan de bakkerswinkel.*

Bakker Hoekstra wenne der mei syn frou Dina en de bern: Alie, Sybe en Tollie, oan 'e oare kant (rjochts) fan de winkel. Hoekstra hie yn dy tiid in nije wite bakfyts, wer't wy wolris foarop sitte mochten fan ús heit. Sa brocht hy ús yn de winter nei de iisbaan (no it plak fan de Jumbo winkel). Thús krigen wy de redens ûnder en dan op 'e bakfyts. Dan droech hy ús op 'e rêch nei it iis en krigen dan in stikje koeke mei en in pear sinten foar sûkelademolke. Wy koene yn dy tiid ek altyd bûten op 'e dyk boartsje: topje, krythinkelje en tikkeboartsje. Letter kamen der mear auto's op 'e dyk en koe dat net mear.



*Jan Keesjes mei de bakfyts op de hoeke Noardersingel en Hillamawei. De wytstienen húskes (rjochts) noch op 'e eftergroun.*

Neist de bakkerij wenne goudsmid Steensma en op de hoeke mei de Legewei Spoelstra, wer't wy dan foar in stoer wat snobbegoud keapje mochten. Op saterdei, yn 'e simmer, giene wy tegearre om in ijsko nei Karel de ijskoman. (Van der Wal).



*Beide (Janny en Kees) om in ijsko nei Karel van der Wal*



Oan de oare kant fan ús hûs stie it prachtige statige hûs fan de famylje Siebma. Dêr kaam letter de firma Meijer yn, dy is der no noch altyd. Meijer hie ek in fotosaak en dêr kamen fansels faak breidspearke foar in foto, wat wy altyd wol moai fûnen. Dêrnêst hie Loonstra in fytsehannel en dan de winkel fan elektriciën Wierda. Oan 'e gevel hong in lampe dy't brânalarm oanjoech. Wierda wie "brandweercommandant". Dan kaam de winkel mei manufacturen fan Kooistra, dêrnei it hûske wer't wy berne binne. Fjierderop wenne Hindrik Boelens, hy wie touwslager en makke ek de fuotballen foar de fuotbalklubs. Tsjinoer de bakkerij wie de garaazje fan B. van der Molen, letter Hoekstra en Radelaar. Dêrneist de slachterij fan Fokke van der Veen en letter fan soan Pim en Annie van der Veen. Dan kaam de winkel fan Bloksma mei húshâldelijke artikels en de meubelwinkel fan Nagel en dêrneist wer hotel "it Readhert".

De oare kant út, neist de garaazje, stie de Zijlstra winkel fan Jan Boltsje, dan it doarpshûs wer't de famylje Popma wenne. Fan dêrút wie der ek gauris in begraffenis, dan stie der foar ús hûs sa'n swarte roukoets mei Fryske hynders der foar. Ik fûn dat altyd wol wat lugubers ha, al dat swart. De kleden oer de hynders mei eachkleppen op en dy mannen alhiel yn it swart. Dan kaam de boekwinkel fan Steegstra en in hûs fierder wenne frou van der Berg mei har bern, Jikke, Keimpe, Froukje en Jinke. Letter waarden dat ús buorbern. It hûs dêrnei wennen de dames Noordenbos dy't nylonhoazen reparearren.

Us heit hie de bynamme Jan Keesjes. Dat kaam om't hy de soan wie fan Kees Dijkstra en om't hy lyts fan stâl wie. Der wiene mear jonges dy't Jan hieten en dêrom waard hy Jan Keesjes neamd. Der wiene lju dy't tochten dat it ús efternamme wie.



*It 25 jierrich tsjinst jubileum fan Jan yn 1960. F.l.n.r.: Frou Hoekstra, ús mem Teuntsje Dijkstra, Kees, ús heit Jan Dijkstra, Janny en bakker Hoekstra.*

Yn 1960 wie heit 25 jier by bakker Hoekstra yn tsjinst. Yn "it Readhert" wie in resepsje, oanbean troch de bakker. Der wiene kaarten en telegrammen mei allinne it adres: Jan Keesjes, Burgum en dy kamen allegearre gewoan te plak.



*Lofts: Boukje Dijkstra en beukerliedster Truuske Teijema op it paed nei de skoalle. Yn it wite hûs wenne doe (1956) Dirkje Pelder. De oare wenning is fan de bruorren Douwe en Sierd (swarte brand en turf). De frachtwein is fan Bekkema boadetsjinten.*

*Rjochts: Boukje foar de Nutskoalle yn 'e winter.*

Us heit hie mar ien suster, syn twillingsuster Boukje. Hja makke de Nutsbeukerskoalle skjin en hâlde de kachels waarm yn 'e winter. Wy giene wolris mei en dan makke ik alle poppebedsjes wer netsjes en klaaide de poppen wer oan. Der stie wol in rige fan tsien bedsjes. Letter waard dat in poppehoeke en foar de jonges in bouhoeke.

Kees en ik binne allebeide nei de Nutsskoalle (no musykskoalle) oan de Skoallestrjitte west, en ek ús heit en syn suster Boukje ha by juf Glas yn 'e klasse sitten.

Us heit hat letter, doe't bakker Hoekstra stoppe wie mei de saak, noch in tiid wurke mei Keimpe van der Berg, foar syn nije baas Harmsma.

Dêrnei is heit noch in tiid molkboer west en súdele hy foar de molkfabryk. Dat fertsjinne mear en hy hie mear frije tiid. Want fan moarns fiif ûre oan't jûns seis ûre wurkje, in hiele wike, dat falt tsjin.



*Molkboer Jan (links) as sûtelder by de karre mei “losse” molke de mingel út ‘ e taap.  
Rjochts Aldert de Vries.*

Doe’t hy noch bakkersfeint wie, wiene der tsien bakkers yn Burgum: bakker Ritsma, Haven, Geertsma, Zijlstra, de Jong, van der Wal, Hoekstra, Boersma, Broos en Bouma. No is der noch ien waarme bakker, t.w. Keimpe van der Berg, wer’t ús heit noch mei yn de bakkerij stien hat. It pân mei de bakkerswinkel stiet no (2015) wer te keap. Der siet lange tiid in “wereldwinkel” yn. No wurdt it, tink ik, yn de takomst wer oars.

Der binne fêst wol minsken út de Skoallestrjitte dy’t ek wol in stikje oer dy tiid skriuwe kinne. Wa wit hearre wy noch mear moaie ferhalen oer de Skoallestrjitte en Burgum.

Janny Struikma-Dijkstra, Boalsert.  
Kees Dijkstra, Burgum.  
2015